



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSE GEMEENTE

Wirdum Fr e.o.

SLOTDIENST

Zondag 25 april 2010

Dienst van de voorbereiding

We worden allemaal welkom geheten door de ouderling van dienst Anne de Haan.

Het is vandaag de slotdienst van de winterperiode.


Na de begroeting zingen we SOW 117. *"Dank U voor deze nieuwe morgen, dank U voor deze nieuwe dag"*. Een lied dat ook vaak bij de zondagsschool wordt gezongen.

Jonge tsjerke besikers.



Hjoed is de dei dat it winterwurk ôfsletten wurdt. Der binne in protte bern en Klaziena de Hoop fertelt in ferhaal. It giet oer in jonkje dat tige ûntefreden is. Hy fynt neat oan skoalle, it iten is net lekker, hy moat

te betiid op bêd.... Dan makket hy in draak (vlieger). Hy fleant de loft yn. Hy komt dan by in Indiaantsje. Dat liket goed. Fare yn de kano en sa. Mar dan is der in grutte krokodil. Dat fynt hy neat en fleant fierder. Boppe it wetter sjocht hy in fiskersboat. Hy giet nei ûnderen en helpt. Dat is hurd wurkjen en der is net in frou. At hy fierder giet heart hy muzyk. At hy delkomt mei de draak stiet hy midden yn in drokke stêd. Dat fynt hy neat en fleant wer troch. Dan sjocht hy in griene greide my in moai húske. Der wennet in boer en krekt as thús is it tige gesellich. Dan wurdt hy ûnwennich. Hy giet fierder en fleant de hiele nacht. Hy sjocht de sinne prachtich opkommen en der is in fjild dat wol fan goud liket.



Hy sylt nei ûnderen en stiet yn de eigen tún. At Heit en Mem dan nei bûten komme is hy tige lokkich.

De bern fan groep 8 geane no fan de sneinsskoalle ôf. Sy geane ek fan skoalle ôf en nei in oare skoalle. Mar sa at in draak heech de loft yn giet is der altyd in ferbining my de grûn, mei de âlders en ek mei de tsjerke...

De bern geane nei bûten en sille lette de oare minsken yn de tsjerke noch ferrasse.

Dienst van de schriften

Lezing: Thessaloniki 5, 12-28.

Hier worden een aantal richtlijnen gegeven. Leef in vrede. Geef de moedeloze hoop. Leer geduld te hebben. Vergeld geen kwaad met kwaad. Onderzoek alles en behoud het goede. Vermijd het kwaad.

We zingen SOW 171. Een Taizé lied. *"Blijf met Uw genade bij ons, Heer onze God..."*

Preek:

It is in tiid fan oergong. Wy krije de maaitiid yn de holle. De bern geane nei in oare skoalle en gean fan de sneinsskoalle ôf. Wy slute it Paulus seizoen ôf. En wat is der wat bard yn dit seizoen. 4 x learhûs dêr't in protte minsken kamen. 4 x oer Paulus preke. De musikal Paulus. En de reis nei Griekenlân yn de fuotstappen fan Paulus dy't noch komt.

Mei al dat praten oer Paulus moast der earst pún romme wurde. De foaroardielen moasten fuort. Want sa at de musikal al sei: "Paulus, Paulus, praat my net fan Paulus! Die droege, drege, eigenwize, grutske manneman!"

Wy hawwe sjoen dat de foaroardielen net klopje:

- Antysemyt? Dat kloppe nét. Hy wie skerp, tige skerp mar net antysemyt.

- Ûnderdrukker fan froulju? Dan moat je better lêze. Yn Kristus is gjin ferskil tusken manlju en froulju. In protte froulju steane yn it amt.
- Homohater? Hy stride tsjin it misbrûk fan jonge minsken!
- Dogmatikus? Neffens Joadske begripen wie hy in liberale Joad!

Lês ek it brief oan Thessaloniki.

Dus gjin “betweterige” dogmatikus!

Paulus set ús yn de frijheid en romte. Hy wie in dy tiid in sjeny!

Mei de genede fan de Heare Kristus mei jimme wêze, hjoed en de hile simmer lang.

Wy sjonge SOW 156. *“Wij geloven dat het leven goed is.”*

SNEINSSKOALLE

Net allinnich bern nimme ôfskie fan de sneinsskoalle. Ek Janke Talsma nimt nei 11 jier ôfskie. Har dochters hawwe yn dy tiid faak meiholpen. Der is in protte wurk ferset en dêr binne wy tige wiis mei. No is de tiid fan feroaring ek foar harren kommen en is it tiid om ôfskie te nimmen. In grut applaus kriget Janke!



In grutte groep bern nimt ôfskie fan de sneinsskoalle.

It binne:

Hessel de Boer

Naidne Bouma

Gitte de Kroon

Roby van der Meer

Rutger van der Wal

Dienke van de Woude.

Mirte Boersma

Heleen Bruggen

Wilco Lindeboom

Jan Reitsma

Gernanda Wiersma

Dit is de tiid fan ôfskied. De tiid fan in oare skoalle. Jimme sille fan alles tsjin komme. Wy litte



jimme fleane. Mar krekt as by de draak is der de tried. Wit dat jimme âlders mar ek wy dy beet hâlde. Der is altyd in plakje hjir foar jimme yn de tsjerke!

Elk kriget in persoanlik wurd en in Bibel.

Sy wurde dernei frege om yn de tsjerke by harren âlders sitten te gean.

Wy lústerje nei “De Vleugels van mijn Vlucht” van Paul de Leeuw.

Dienst van het Delen

1^e Collecte: Diaconie

2^e Collecte: Onderhoud van de Kerk

Dankgebed- voorbeden- stil gebed.

Wy bidde foar de bern fan de sneinsskoalle.

Foar Janke en har gesin no sy in takomst op in oar plak temjitte geane.

Foar Remkes en Janke Algra dy't 50 jier troud wiene.

En wy slute ôf mei it bidden fan “Ús Heil”.



Bloemen

De bloemen gingen naar:
Janke Talsma

Het bloemstuk was
gemaakt door Lieuwkje
van Lune.

Medewerkers

Voorganger: Ds. Hinne Wagenaar
Organist: Klaske Deinum
Koster: Jannie Smids
Ouderling van dienst: Anne de Haan.
Diakenen: Jannie Lindeman en Frieda
Wybrandy
Zondagsschool.

Heenzending en Zegen

Wy sjonge as slotliet:

"Ga maar op weg!!"

De seine befêstigje wy troch trije kear te
sjongen fan AMEN!

DRAAK



By de Fikarij wie it net slagge om in draak op te
litten dy't sweeft op hite loft. It sil op nei
probearre wurde en elk is út noege.



En dizze kear slagget it wol!!